



# **Âld grien, mâl grien...?**

**(A Bird In The Hand)**

**Komeedzje yn trije bedriuwen**

**fan**

**DEREK BENFIELD**

**Yn it Frysk bewurke**

**Troch**

**Appie Nutters**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ALD GRIEN, MÂL GRIEN...? - A BIRD IN THE HAND** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DEREK BENFIELD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv -Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Tine Donia.  
Markus Donia.  
Juffer Gerda Altena.  
Stech.  
Harryt Tillema.  
Derkje.  
Keke.  
Gjalt Sterk.  
Hike.  
Fenna.

4 manlju en 6 froulju.

It stik spilet earne yn in stêd yn Fryslân yn de komfortabele flat fan Markus Donia.

Earste bedriuw....., in jûn yn 'e hjerst.  
Twadde bedriuw..., in oere letter.  
Tredde bedriuw....., de oare deis yn 'e jûn.

## **TOANIEL:**

Markus Donia wennet yn in komfortabele meubilearre flat fan in blok dat útsjocht op in park. De haaddoar nei de hal is hielendal lofts en as je der ynkomme moatte jo twa treden ôf foar't je yn 'e wenkeamer binne. In grut finster beslacht hast it hiele rjochter lewant. Under it finster stiet in stoel mei kessens der yn. De doar rjochts giet nei de oare fertrekken. Der is in nis yn it lewant lofts, yn dy nis stiet in plate/cd-spiler mei alderhanne cd's en boeken op in planke dêr boppe. Lofts stiet in taffeltsje mei drank. In grutte bank (*sofa*) stiet op 'e hoeke, dêr efter stiet ek in taffeltsje, mei in papierkoer lofts. In grutte learen briedstoel stiet rjochts/mids it toaniel en in lyts kûpstuoeltsje stiet foar de tafel lofts. De tillefoan stiet op it taffeltsje by de sofa. De knop foar it ljocht sit by de doar lofts en der hingje ferskate lampkes dy't op har sels op en út dien wurde kinne. Lofts en rjochts sjoen út de seal wei.

## EARSTE BEDRIUW.

*(In hjerstige jûn. As it doek iepen giet, komt Tine troch de doar fan de hal de keamer yn. Se hat alderleie pakjes en doazen by har. It is in kreaze frou fan om en de by de fjirtich. Se rint loftich mids it toaniel. Efter har oan komt Markus der yn, hy is trije en fjirtich, klaaid yn in boesgroentsje mei lange mouwen en in lytse moaie skelk. Markus is yn alle steaten)*

**MARKUS:** Wat tinkst wol net wêr'tst mei dwaande bist?

**TINE:** Mei werom te kommen fansels!

**MARKUS:** Soks kinst doch net dwaan!

**TINE:** Wêrom net, ik wenje hjir doch?

**MARKUS:** Net mear. Do hast ôfstân dien fan alle rjochten doe'tsto der mei ynpakte koffers en al útgien bist.

**TINE:** *(rêstich)* Krekt, mar no rin ik der wer yn om se út te pakken. *(set de koffers lofts fan de briedstoel)*

**MARKUS:** Soks kinst net dwaan!

**TINE:** Sis net hieltyd: "Soks kinst net dwaan", ik ha it nammentlik krekt al dien.

**MARKUS:** Mar dat is ymmoreel.

**TINE:** By myn eigen man ynwenje?

**MARKUS:** Mar dat dochst ommers net, dat dochst net... net mear.

**TINE:** Wis al, dat doch ik al. Wedzje datst de papieren noch net iens ynfolle hast?

**MARKUS:** Noch net oan ta kaam, do bist noch mar fjouwerentweintich oeren fuort. Do hast sein datst nea werom komme soest.

**TINE:** Wit ik.

**MARKUS:** Dêrom.

**TINE:** Dat wie juster. *(se leit de pakjes op 'e stoel del, hy folget har wifkjend)*

**MARKUS:** Hoe bist op it idee kaam om werom te kommen?

**TINE:** Ik hie meilijen mei dy.

**MARKUS:** Ik hoech dyn meilijen net.

**TINE:** Ik moast der ynienen oan tinke datsto besykje soest om alles allinne te dwaan, dêr wiest nea sa goed yn. Sjoch allinne mar nei dat nuvere skelkje fan dy! *(Markus lûkt de skelk ôf en smyt it lâns de sofa op 'e flier)* Wêrom giest net sitten, dat diest oars ek altyd.

**MARKUS:** Ik woe ris wat oars.

**TINE:** Makkest in boere-aaipankoek?

**MARKUS:** Nee.

**TINE:** Wat dan?

**MARKUS:** Kin dy neat skele.

**TINE:** Kom, fertel.

**MARKUS:** No ast it dan perfoarst witte wolst, beferzen salmfilet. (se *laket*) Do hoechst der net om te laitsjen, ik bin der tafallich sljocht op.

**TINE:** Earder moast der neat fan ha. (*krijt de koffers*)

**MARKUS:** Hoe soesto dat no witte kinne? It koe dy nea wat skele wat ik iet. Do hiest it altyd fierstente drok op dyn kantoar.

**TINE:** Oh, nee, begjin der asjebleaf net wer oer.

**MARKUS:** Oer wat bygelyks?

**TINE:** (*rint mei de koffers nei rjochts*) Dat geseur oer it plak fan de frou thús. Dat is folslein âlderwetsk. (*set de koffers del*)

**MARKUS:** (*rint mids it toaniel*) Tafallich tink ik dat de man net altyd efter de karriêre fan de frou hoecht te stean. Do witst likegoed as ik datst somtiden trije wike efterinoar net thús wiest mei 't iten. De ober fan it Sineesk restaurant frege him ôf wêrom't ik myn bêd dêr net delsette!

**TINE:** Do hast altyd sein datst slij wiest nei Sineesk iten.

**MARKUS:** Nei trije wike smakke sels myn aai by de moarnsbrogge swietsoer.

**TINE:** (*rint nei de pakjes*) Hiest mar mei in kokkin trouwe moatten, dan hiest faaks thús ite kind.

**MARKUS:** Tine, do witst bliksems goed dat it om net allinne om it iten giet. Ik woe dy gewoan sa no en dan ris sjen. (*it is even stil, se sjogge elkoar oan*)

**TINE:** Lykas yn it begjin fan ús trouwen? Kinst dy de nachten noch wol yn 't sin bringe?

**MARKUS:** Do witst skoan dat dat oars wie.

**TINE:** (*sarkastysk*) Oh, ja, fansels, do bist in man, dat wie ik efkes fergetten.

**MARKUS:** Ik wurke doe foar dy ferdomde filmyndustry! De helte fan de nachten moast ik op 'e fleanfjilden wêze om op dy saneamde vips te wachtsjen.

**TINE:** Alles dat ik wit is dat ik allinnich wie. Doe ha ik dizze baan oannommen. As ik gjin bern krije koe, dan mar wat oars yn elk gefal soe ik in libben krije dat by my paste.

**MARKUS:** It is... it is no oars.

**TINE:** Sa is 't mar krekt. Ik ha no dizze baan en ik bin in ferdomd goed sjoernalist. En wat wichtiger is, ik ha in soad wille... Do kinst doch min fan my ferwachtsje dat ik dit allegear opjaan sil.

**MARKUS:** (*sjocht in oare kant út*) Bist dêrom allinne werom kaam? Om fierder te gean mei spul meitsjen?

**TINE:** Nee.

**MARKUS:** (*draait him om nei har*) Wat dan?

**TINE:** Ik ha 't ris goed yn my omgean litten Markus. Fansels hasto gelyk. Ik ha dy skandlik ferwaarleaze, mar eh... no sil it allegear oars wurde.

**MARKUS:** *(docht in stap op har ta)* Do joust dyn baan der oan?

**TINE:** Nee, mar ik...

**MARKUS:** Begjin dan net oeral wat del te smiten... *(krijet har pakjes fan de flier en wol har dy oerjaan)* ...do bliuwst hjir net!

**TINE:** *(slacht der gjin acht op en rint mei de boadskiptas nei lofts)* Ik ha steak en in flesse wyn meibrocht foar it jûnsiten.

**MARKUS:** Tanke, ik ha 't iten al klear. *(hy hat har pakjes noch altyd yn 'e hannen)*

**TINE:** In stikje fan de ko. *(set de flesse wyn op 'e tafel lofts)*

**MARKUS:** Wat?

**TINE:** Mei sjampinjons en Frânske slaad.

**MARKUS:** Ik hâld it mei myn salmfilee.

**TINE:** Op dit stuit sille se wol oan de panne fêst sitte.

**MARKUS:** *(de martelder)* Ik rêd it wol, dus nim dat guod asjebleaft mei en stap op. *(Gerda Altena komt der skrutel yn. Se is in warber type fan sa'n 30 jier, mei bril. Se hat in laptop by har en rint nei de sofa)*

**MARKUS:** Wa is dat yn 'e fredesnamme!

**TINE:** Kinst dy Gerda noch yn it sin bringe?

**MARKUS:** Nee, ik kin har net thúsbringe. Ik ha har noch noait sjoen.

**TINE:** *(giet nei de lofterkant fan de sofa, tsjin Gerda)* Moatst dy mar neat fan him oanlûke. Hy is in bytsje fan 't hynder om 't ik syn salm ferpest ha. Hy komt aansen fansels wol wer ta himsels. Hast de auto al parkearre?

**GERDA:** Hjir om 'e hoeke. *(set har hântaske rjochts op 'e sofa)*

**TINE:** Ah, moai. *(tsjin Markus)* Juffer Altena is myn sekretaresse.

**GERDA:** En dit is myn laptop. *(hâldt de laptop omheech en giet hielendal rjochts fan de sofa stean)*

**MARKUS:** *(lofts by de briedstoel)* Hoe is it mei jo?

**GERDA:** It is in Dell.

**MARKUS:** Koest it net opbringe om der fan te skieden?

**TINE:** Se soe neat wêze sûnder har laptop, is it net sa?

**MARKUS:** *(mei in skean each op har)* Ik leau dy op slach.

**TINE:** Dus naam se de laptop mar mei. *(se rint wer nei de tafel en kontrolearret it iten yn de boadskiptas)*

**MARKUS:** Wêrfoar?

**TINE:** *(nonsjalant)* Om brieven foar my te typen fansels. *(Markus rint lilck nei de sofa)*

**MARKUS:** Hjir?

**TINE:** Ja.

**MARKUS:** Tine, do bist leau 'k fergetten datst hjir net mear wennest!  
(*Gerda gichelt, Markus draait him nei har om. Gerda rint nei de briedstoel*) Ik moat fakentiden thús wurkje. Do kinst hjir net yn en út rinne en tagelyk op dat ding om sitte te rammeljen! Hoe soe ik my sa konsintrearje kinne?

**GERDA:** Ik sil jo net steure.

**MARKUS:** Nee, dat sil seker net. Jim komme der net yn, beide net, gjin laptop, gjin...

**TINE:** (*ûnderbrekt, delbêdzjend*) Mar tûtelboutsje, it is myn sekretaresse.

**GERDA:** En dit is myn typmasine. (*hâldt de laptop omheech*)

**TINE:** Moarn bin ik de hiele moarn hjir, yn dizze keamer.

**MARKUS:** Wat?!

**TINE:** It wie dy altyd mar min nei 't sin dat ik tefolle op it kantoar siet, dus yn it foarste plak sil ik folle mear thús wurkje. (*se nimt de pakjes fan him oer*)

**MARKUS:** Der is gjin foarste plak mear, wy sille skiede.

**TINE:** Ja dat wit ik. Mar ynearsten sil der doch ien wêze moatte dy't foar dy soarget. (*Tine rint by Markus lâns nei de rjochter doar*) Kom Gerda, ik sil dy sjen litte wêr'tst sliepst.

**MARKUS:** (*rint mids it toaniel*) Sy sliept hjir net! En do ek net!

**TINE:** Wat wolst oars? Stech belje en ús der út sette litte? Se kin yn de efterkeamer sliepe, neist dy fan my.

**MARKUS:** Se sliept hjir net!

**TINE:** Fansels docht se dat wol skatsje. No't wy skiede sille, kinst doch net fan my ferwachtsje dat ik sûnder in beskermingel ûnder ien dak wenje wol mei dy, wol? (*mei in grutte laits op it gesicht giet se mei Gerda rjochts ôf, Markus sjocht se stoareagjend nei*)

**MARKUS:** (*ropt har nei*) In beskermingel is it lêste datsto nedich hast!! (*Stech, de man dy't de lift betsjinnet, komt der yn mei in grut kret drank. Hy is ien fan it plattelân en hy is om en de by de fyftich, mei in hâlding fan in âld soldaat*)

**STECH:** Wêr wolle jo it ha, menear?

**MARKUS:** Wat?

**STECH:** De drank.

**MARKUS:** Ik ha gjin drank besteld.

**STECH:** (*nei lofts fan de sofa*) Nee, menear. Dat hat menear Tillema dien. Hy belle my fan 'e middei.

**MARKUS:** (*by de sofa*) Hat er sein dat it hjir ôfleverre wurde moast?

**STECH:** Ja, menear.

**MARKUS:** Dy is hastich te wurk gien!

**STECH:** Hy sei, om in feestje ta te rieden.



**MARKUS:** Do hast dyn bêst wol dien, sjoch ik. Ik tink datst it hjir wol delsette kinst, Stech. (*Stech set de drank op 'e tafel lofts*)

**STECH:** De sliter frege oft ik op in drankferbod út wie.

**MARKUS:** Dat docht my gjin nij. (*Stech rint op Markus ta*)

**STECH:** It is wer ris wat oars as twa brune pilskes en in pûdsje sjips, dat kin ik jo al sizze. Mar it is net alle dagen eh, is it net sa?

**MARKUS:** Wat is it net alle dagen?

**STECH:** De dei fan de frijheid! Om wat te fieren. Ik woe wol dat ik sa maklik fan myn frou ôfkomme koe. Ik tink dat jo gewoan gelok hân ha, menear.

**MARKUS:** Och ja, frij aardich. (*sjocht senuweftich nei rjochts*).

**STECH:** Mar jo wiene teminsten beret, hold de poat stiif. Ik mei soks graach lije by in man, menear. Master wêze yn eigen hûs. Der út! En se gyng der út.

**MARKUS:** Ja, ja dat die se seker.

**STECH:** Ik tink dat der sa genôch foarried is, menear.

**MARKUS:** Ja, tige tank, Stech. (*as Stech fuortgean wol komt Tine op. Se rint nei de briedstoel foar it lêste pakje*)

**TINE:** Goejûn Stech. (*hy draait him om en sjocht har*)

**STECH:** Oh, goede myn Grytsje!

**TINE:** Dat harket my al wat nuver yn de earen, Stech. Do koest der wol net bliid mei wêze datst my sjochst.

**STECH:** It spyt my mefrou. Út 'e skroeven fansels! In ferrassing meie wy wol sizze. Moai dat ik jo moete ha, mefrou. (*hy draait him om nei Markus as er nei de doar rint*) Dat hat net lang duorre, wol, menear?

**MARKUS:** Wat?

**STECH:** De revolúsje. (*lofts ôf*).

**TINE:** Leave âlde Stech, neat feroare.

**MARKUS:** (*noartsk*) Wat hiest dan ferwachte? Do bist noch mar ien dei fuort. (*Tine sjocht de drank en rint der hinne om ien en oar te besjen*)

**TINE:** Wat is dit yn 'e fredesnamme?

**MARKUS:** Oh eh, in pear fleskes mar.

**TINE:** Skattebek! Och wat bisto in tûtel! (*omearmet him*)

**MARKUS:** Wêr hast it oer?

**TINE:** Do hast it hieltyd wol witten, hin?

**MARKUS:** Wat ha ik wol witten?

**TINE:** Dat ik werom komme soe.

**MARKUS:** Nee, dat ha ik net witten! Eins ha ik dy drank net besteld, dat hat Harryt dien.

**TINE:** Harryt?

**MARKUS:** Ja.

**TINE:** (*mids it toaniel*) Ik hie it witte kind. Do hast him dus alles ferteld?

**MARKUS:** Eh ja. Hy belle justerjûn.

**TINE:** Ik doar te wedzjen dat er optein wie. By eintsjebeslút wit er alles oer houliken dy't stikken rûn binne. Hy sil wol bliid wêze dat dyn houlik ek mislearre is.

**MARKUS:** *(op har ta)* Om hiel krekt te wêzen wie er nochal fan 't sintrum. *(se draait fuort)*

**TINE:** Net sa bot fan 't sintrum om dy drank noch te bestellen en it te fieren.

**MARKUS:** Tine, net ien fiert hjir wat.

**TINE:** Meilijen ha, neam mar wat. It bliuwt in soad drank. It liket wol datst ynslein hast foar in belegering. Koest gjin fjouwer en tweintich oeren wachtsje? *(efkes stil, se sjogge elkoar oan)* Do bist noch altyd fereale op my hin?

**MARKUS:** Nee, dat bin ik net.

**TINE:** Ik doar wedzjen fan al. *(se rint op him ta)*

**MARKUS:** *(rint efterút)* Ik rop juffer Altena.

**TINE:** Rop watst wolst. Ik tink dat ik in ynlike tút ha wol.

**MARKUS:** Ik sil fjochtsje.

**TINE:** Ik bin sterker as do.

**MARKUS:** Dat hoechst my net te fertellen. Ik ha groeden om it te bewizen. Ast tichteby komst begjin ik te skreauwen.

**TINE:** Dat soest seker dwaan. *(ynienen erchtinkend)* Hear ris, ha do en Harryt jûn faaks famkes op besite??

**MARKUS:** Famkes?

**TINE:** Do witst doch wol wat famkes binne?

**MARKUS:** Wat tinkst wol net fan my?

**TINE:** Och kom...

**MARKUS:** As wy dy al ha soene, soesto dêr neat oer te kedizen ha. Do hast gjin rjocht mear om te krimmenearjen.

**TINE:** Ik krimmenearje net, ik freegje allinne mar.

**MARKUS:** Dyn gesicht is ien en al krimmenaasje. *(rint lâns de sofa hin en wer oant rjochts mids it toaniel)*. Do wiest it dy't úteinlik fuort woe.

**TINE:** *(efter him oan)* Do hast my der op oanstien.

**MARKUS:** En op it stuit datst opstapt bist, hast de jaachline loslitten en wie ik frij om te fjouwerjen.

**TINE:** Ik hie hielendal net ferwachte datst daliks mar oer de struken springe soest en efter losrinnende merjes oan fjouwerje soest.

**MARKUS:** Dat die ik net! Do praatst oer famkes, ikke net.

**TINE:** Akkoart, hoefolle?

**MARKUS:** Wat?

**TINE:** Famkes! *(efkes stil. Markus sit op de leuning fan de stoel en hat meilijen mei him sels)*.

**MARKUS:** Gjinien.

**TINE:** Gjinien?

**MARKUS:** *(kalm)* Ik ha mei Harryt praat. Wy sille in rêstige jûn ha. Twa freonen dy't elkoar treastgje, begrypste? In pear pilskes, faaks wat fuotbaljen sjen op de tv.

**TINE:** Gjin feest?

**MARKUS:** Nee.

**TINE:** Gjin famkes?

**MARKUS:** Nee.

**TINE:** Is dy drank allinne foar dy en Harryt?

**MARKUS:** Ja.

**TINE:** Jim soene jim skamje moatte! *(giet rjochts ôf. De bel giet)*

**MARKUS:** Leave santjin en gjin ein! *(Markus rint de foardoar út. In pear tellen letter komt Harryt Tillema der yn. Libben en fris. Harryt is wat âlder as Markus. Wis yn syn dwaan en litten. It is in man dy't it klappen fan de swipe ken. Hy stoot der yn, leit hoed en koffer op it taffeltsje neist de sofa en rint mids it toaniel. Markus is efter him oankaam en rint ek op de sofa ta, dêr treffe se elkoar)*

**HARRYT:** *(optein grypt er Markus by de skouder beet)* Wolkom by de klup! Do sjochst der al folle better út. In nije man. En dit is noch mar 24 oeren. Kinst neigean wat in pear moanne dwaan sille. Wy sille wol gau fan dit sûne antlit ôf wêze, soe it net?

**MARKUS:** Harryt... eins...

**HARRYT:** No gjin spyt krije, asjebleaf. Do hast in goede stap dien. Leau my mar, ik wit it. Do fielst dy wat frjemd yn it begjin, mar ik ha noait spyt hân. Noait werom sjen. Do stiest op 'e drompel fan in nije wrâld. Is de drank der al?

**MARKUS:** *(wiist)* Dêr.

**HARRYT:** *(rint der op ta)* Ah, moai.

**MARKUS:** Hiest net dwaan hoegd. Ik hie noch wol in pear flessen yn it foarút.

**HARRYT:** Dy binne moai om mei te begjinnen.

**Markus:** *(docht in stap op him ta)* Mar Harryt, der is noch wat dat ik dy noch net...

**HARRYT:** Ast stiest te janken op myn skouder, stap ik daliks op. Posityf tinke. Dat moatte wy ha. Posityf tinke.

**MARKUS:** Ja, dat sil it wol. *(hy dwilet ûnhandich op de sofa ta)*

**HARRYT:** Wy sille in feestje bouwe! *(stekt in flesse whisky omheech)* Sjoch mar. Hmmmm! *(tutet de flesse)* Wat is der no moaier om te sjen as dit, de hiele moanne net wer nochteren wurde. *(Markus hâldt de koffer omheech dy't Harryt meibrocht hat)*

**MARKUS:** Wat sit hjir yn?

**HARRYT:** Wat tochtste? Pyama, toskeboarstel. Ik ha altyd reserve by my.

**MARKUS:** Do tinkst hjir te bliuwen?

**HARRYT:** Sit der mar net oer yn, ik sil dy neat yn 'e wei lizze. As it der op oankomt, bin ik ûnsichtber. *(sit noflik op 'e sofa lofts)*

**MARKUS:** *(rint om nei lofts fan de sofa)* Mar Harryt, do begrypst doch wol... *(de rjochter doar giet iepen, Gerda komt der yn. Harryt sjocht har nei at se sûnder wat te sizzen lâns rint. Gerda krijt de hântas en rint nei bûten. Harryt lytsachtsjend tsjin Markus)*

**HARRYT:** Wat wie dat?

**MARKUS:** Eh, it famke.

**HARRYT:** Is sy eh... dyn eh...?

**MARKUS:** *(efter de sofa nei mids it toaniel)* Sy eh, komt alle dagen del.

**HARRYT:** Och heden Markus jonge, sy? Do falst my ôf.

**MARKUS:** Nee, nee! Sy is eh... de faam foar deis.

**HARRYT:** Faam foar deis?

**MARKUS:** Ja, foar it wurk.

**HARRYT:** Wat docht se hjir jûns dan?

**MARKUS:** Se is let begûn.

**HARRYT:** Ast sa nei har sjochst is it eins in wûnder dat se ea begjint.

**MARKUS:** *(nei rjochts fan de sofa)* Oh, mar se kin hurd wurkje, hear!

**HARRYT:** *(erchtinkend)* Mar wat wolsto eins mei sa'n fanke foar deis?

**MARKUS:** Oh, mar it is net watsto tinkst hear.

**HARRYT:** Moai, dat is in tafaller. Ik tocht efkes datst de doar iepen stean hiest foar de earste de bêste swalker dy't lâns komt.

**MARKUS:** Juffer Altena? Oh nee!

**HARRYT:** Dat hoopje ik dan mar. Do bist no frijman. Do kinst dy no sels tastean kritysk yn dyn kar te wêzen. *(Markus sit neist Harryt)*

**MARKUS:** O ja?

**HARRYT:** Do bist no frij fan alle boeien. Dat moat dy tsien jier fan dyn libben wurdich wêze. Do bist no op 'e frije merk.

**MARKUS:** Harryt, yn 'e goedichheid, of wie ik in meloen sa liket it wol.

**HARRYT:** Do bist te lang troud west, bist it fergeffen, bist fergeffen hoe 't it wie?

**MARKUS:** Hoe't it wie?

**HARRYT:** Godskes noch oan ta, do bist it fergeffen! Wy sille oan dyn ûnthâld wurkje moatte. Jout neat hear. Ik ha it nijs al troch briefke.

**MARKUS:** Watfoar nijs?

**HARRYT:** Dat Markus in frij man is! Ik kin dy dit sizze, alle frije fûgeltsjes yn in straal fan 50 kilometer komme hiel hastich delsetten.

**MARKUS:** W-Wêrfoar?

**HARRYT:** Markus, bist dat fan eartiids fergeffen? Do en ik en al dy

famkes. Bist fergetten wat wy eartiids tegearre meimakke ha?

**MARKUS:** No ja, wy ha wol libbe doe.

**HARRYT:** Libbe?? Wy ha it útfûn!

**MARKUS:** No ja, ús hâlden en dragen hie der wol oan doe.

**HARRYT:** Kinsto dy jongfaam mei dat ljochte hier noch yn 't sin bringe?  
Hoe hjitte sy ek al wer? Pinky Haisma!

**MARKUS:** Dy is my nea út de kop west, tsjonge noch ta!

**HARRYT:** Dat wie der ien! In hiel grut frommes mei in grutte slach, ik bruts de rêch hast.

**MARKUS:** Hat se dy slein?

**HARRYT:** Nee, ik bin fan't bêd fallen. It hat wat tiid koste om wer oerein te kommen. En witst it ek noch fan dy Hessler twilling? Witst it noch? Te healwiis om oer te praten, twa foar de priis fan ien.


**MARKUS:** (*sweverich*) Ja, dat wiene nochris leave famkes.

**HARRYT:** Wat ik hieltyd noch net wit, hokker ha ik doe krige? (*Markus laket at it him in 't sin komt*) Sjochst no wol, do witst it noch wol. Dat âlde flamke yn dyn eagen. Der is noch hoop, dy dagen komme werom, Markus. Ik soe hjir ynwenje kinne, by dy hokje, en alles dat wy dwaan moatte is yn it lytse boekje sjen en de tillefoan pakke. Wat seist der fan?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**